


# IN (BASKYSKE) HALLUSINAASJE

Eneko Aizpurua Urteaga



*Auto-da-fé yn 'e Plaza Mayor fan Madrid (1683), Francisco Rizi.*

[https://commons.wikimedia.org/wiki/File:Francisco\\_Ricci\\_-\\_Auto\\_de\\_Fe\\_%281683%29.jpeg](https://commons.wikimedia.org/wiki/File:Francisco_Ricci_-_Auto_de_Fe_%281683%29.jpeg)

Oersetting: Janneke Spoelstra

oarewurden  
|||

Co-funded by the  
Creative Europe Programme  
of the European Union



bestehitzak  
|||

## IN (BASKYSKE) HALLUSINAASJE

*De tiid is út it lid*  
*William Shakespeare, Hamlet*

### I

As ik neitink oer it idee fan freedsum neistinoar libjen, geane myn tinzen werom nei it Plein fan 'e Konstitúsje yn it âlde diel fan San Sebastián, en de feesten op 'e foarjûn fan 'e dei fan 'e patroanhillige fan 'e stêd<sup>1</sup>. Allinnich is it plein no in fort wurden mei stevige muorren en tuorren deromhinne dy't allegearre de heechste wêze wolle, lykas it midsiuwske Monteriggioni Fort yn Toscane.

Twa leden fan 'e Gaztelubide drumband sitte op it enoarme poadium midden op it plein. Se prate fleurich, wylst se harren broadsjes iel fuortkôgje. Ynienen rint in man dy't it findel fan 'e band draacht likk nei harren ta. Hy seit tsjin harren dat it skoft foarby is en dat se oan it wurk moatte. Hawwe se net troch dat it spektakel hast begjint? De twa tromslaggers sjogge loai nei de klok heech oan 'e gevel fan 't âlde bibliotekgebou. De wizers lykje efterút te draaien mei in ferbjusterjende faasje.

As de klok tolve oere slacht, hâlde se op fan praten, dogge se de broadsjes oan 'e kant, steane se rjocht as in stok en jouwe se in lange roffel op 'e tromme. Oan 'e muorre fan 'e âlde bibliotek ljochtet ynienen de ynskripsje *Dulce et decorum est pro patria mori* op. Dêrnei klimme de leden fan 'e sjongferiening fan San Sebastián op it poadium en begjinne te sjongen:

*Dies iræ, dies illa*  
*Solvat sæclum in favilla*  
*Teste David cum Sibylla!*

Op dat stuit ferskynt in ploech pommeranten yn wite broeken, jaskes, mei wite huodden op, op it balkon fan 'e bibliotek. Op 'e toanen fan *Beotibarko Gudua*, spile troch in strykkwartet dat yn 'e hoeke fan it balkon sit (altfioele, sello, fioele en lút), projektarje de skynwerpers op it poadium in grutte 4K-animaasjefideo mei in hjoeddeistige ferzje fan Botticelli syn 'Kaart fan 'e hel' op 'e muorre fan 'e âlde bibliotek. De figueren fan it skilderij wurde in bewegend trijediminsjonaal wêzen, ta libben brocht yn in wrâld fan digitale hallusinaasje. Sa wurdt it Plein fan 'e Konstitúsje yn it âlde diel fan San Sebastián in plak fol minsken dy't har siele al oan 'e duvel ferkocht hawwe, in 3D Baskysk Ynferno of *Pandemonium*. It is as binne de doarren fan 'e ûnderwrâld ynienen iepengoaid en is der in swaarm loslitten fan 'e gemienste en lilkaardichste wêzens dy'tst dy foarstelle kinst. Demoanen mei hoarnen en wjokken, mei skrik oanjeiende swipen, dy't sûnder moederaasje ynslaan op neakene sûnders; weekleiers dy't hieltyd op 'e nij in deadsliet sjonge: 'dizze flechtige wrâld is mar in trienedelte'; mannen, neaken en sûnder holle, de lichems ûnder de stront; ferlerne sielen dy't siede yn rivieren fan bloed, kwelde wrakken, ferrieders, hypokriten, rotsjende liken en eangstige wêzens dy't de reek út 'e mûle wâlet. Se bewege fluch as reptilen op 'e muorre fan 'e âlde bibliotek, wylst swarte reek stadich omheech kringelet út 'e steapel boeken dy't brânt yn 't hillige,

---

<sup>1</sup> Sjoch: <https://en.wikipedia.org/wiki/Tamborrada>

reinigjende freugdefjoer yn 'e midden fan it plein, by de muorren op fan it Fort fan 'e Konstitúsje nei de berûne loft. En it apokalyptyske trompetterjen fan sân ingels kundiget de komst fan doemdei oan, as oer alle minsken oardiele wurde sil.

De kliber minsken op it Plein fan 'e Konstitúsje stoareaget nei de Danteske sêne, deabenaud, nijsgjirrich en fassinearre, alles tagelyk. Se drinke en skite ôf, mei brânende fakkels yn 'e hân, nimme selfys mei harren mobyltsjes foar de brânende boeken en pleatse dy op har favorite sites op 'e sosjale media.

As de animaasjebylden fan it skilderij einlings ferdwine yn it gapjende gat fan 'e skynwerpers, stapt de lieder fan 'e ploech pommeranten – dat is te sizzen de persoan dy't oanwiisd is as de Grutte Lieder (ek bekend as 'de Almachtige') – nei foaren, de gouden *Michelin*-stjer op 'e kraach en de glânzjende *Masterchef*-sjerp oer it skouder, nei in lange bankettafel dêr't in wyt tafellekken oerhinne leit. Dan leit er de hân op in faksimilee fan 'e Alde Wet<sup>2</sup> en swart plechtich:

Nederich, foar God,  
Hjir, op Baskyske grûn,  
Ta oantinken oan ús foarâlden,  
Under de beam fan Guernika,  
Foar de fertsjintwurdigers fan myn folk,  
Swar ik dat ik trouw myn plicht dwaan sil.<sup>3</sup>

Nei it swarren fan 'e eed, gebiedt de Almachtige de minsken op it plein om 'stean te gean en eare te betoanen oan 'e Alde Wet'. As se dat dien hawwe, docht de garismatyske lieder in plechtige oankundiging:

'Yn namme fan it freedsume neistinoar libjen ferklearje ik hjirby dat de Rjochtbank fan 'e Opstân ynsteld is'. Wylst de kliber minsken ropt: 'Lang sil de Rjochtbank fan Bloed libje! Lang sil de Izeren Lieder libje!', jout de Grutter Lieder it befel dat de fertochte op it poadium brocht wurde moat en hy rint nei de midden fan 'e lange bankettafel. De oare pommeranten geane oan wjerskanten sitten.

*Quantus tremor est futurus,  
quando iudex est venturus,  
cuncta stricte discussurus!*

Op in knikje fan 'e skriuwer fan 'e rjochtbank blaast in heraut, dy't de hammer fan it parlemint fan Guernika by him hat, op 'e trompet en in groep befeiligers draaft fan 'e kantielen nei ûnderen om stadich it swiere stek op te tillen dat de yngong blokkearret fan it fort dat it Plein fan 'e Konstitúsje is. Trije fan 'e fjouwer ruters yn karnavalsklean lûke in grutte koai op tsjillen nei it poadium. De kliber folk triuwt en ferskoot om better sjen te kinnen.

---

<sup>2</sup> 'De Alde Wet' is in ferwizing nei it hânfest fan âlde rjochten en privileezjes dêr't ea Baskelân mei bestjoerd waard. Sabino en Luis Arana, de grûnlizzers fan 'e Baskyske Nasjonalistyske Partij, hawwe it biewurd *Jaun Goikoa eta Lege zarra* (God en de Alde Wet) munte, doe't se it fûnemint foar it Baskyske nasjonalisme leine.

<sup>3</sup> Dit is de eed dy't tradisjoneel útsprutsen wurdt troch Baskyske presidinten by harren ynauguraasjeseremony.

*Tuba mirum spargens sonum  
per sepulcra regionum,  
coget omnes ante thronum.*

De ruters hise de koai mei in pear katrollen op it poadium en de fertochte wurdt nei bûten brocht. It is in dwerch. Hy draacht in soarte fan Frygyske mûtse mei in beltsje oan 'e punt en sigeunerklean yn felle kleuren, as in nar. De mûle is him mei in prop tichtbûn. De ruters triuwe him nei de midden fan it poadium, dêr't er de folle laach krijt oan misledigingen fan 'e kliber:

Do baarch, do baarch,  
do grutte, grutte baarch,  
do baarch, do baarch,  
do smoarge sigeunerbaarch.

De fertochte falt op 'e knibbels en begjint te bidden, wylst er opsjocht nei it balkon. It tou, dêr't de hannen en fuotten mei fêstbûn binne, kreaket en it beltsje oan 'e mûtse tingelet.

Us ferhipte lieder,  
dêr op it balkon  
fan it Plein fan 'e Konstitúsje,  
ferflokt is dyn haatlke namme.

Poermâl ûnderbrekke de minsken it bidden fan 'e fertochte, wylst se mei brânende fakkels swaaie. Se roppe 'Ferbrân de idioat!' en 'Smyt him yn it freugdefjoer!'

*Mors stupebit et Natura,  
cum resurget creatura,  
iudicanti responsura.*

De ruters yn karnavalsklean nimme de fertochte mei nei in wapensammeling yn in hoeke fan it poadium, lûke him nei guon âlde wetboeken ta dy't tusken de krúsbôgen, pylken, spearen, tongerbussen, kûgels en oare munysje lizze.

Se twinge him op 'e knibbels foar de stoffige boeken en litte him, ien foar ien, de Hillige Skriften tútsje, de Frânske en Spaanske Konstitúsjes, it Kompendium fan 'e Alde Wetten fan Navarre, it Statút fan Guernika, it Statút fan Autonomy fan Navarre en alle oare profetyske teksten.

*Liber scriptus proferetur,  
in quo totum continetur,  
unde Mundus iudicetur.*

De Grutte Lieder sit yn 'e presidintsstoel, mei de oare leden fan it tribunaal oan wjerskanten, en iepenet offisjeel it feest en it proses.

*Iudex ergo cum sedebit,  
quidquid latet apparebit,  
nihil inultum remanebit.*

De dwerch is syn rie te'n ein en wit net hoe't er himsels út dizze nei't it him oansjen lit beroerde sitewaasje rêde moat. Triljend sit er yn 'e stoel fan 'e fertochte, wylst de kloft minsken fijannich nei him sjocht. Ynienen is der in geweldige kommoasje ûnder de taskôgers dy't om it poadium hinne stean. Der wurdt roppen, flokt en fluite.

It Plein fan 'e Konstitúsje begjint te bolderjen.

It Plein fan 'e Konstitúsje bolderet.

De weach fan bolderjen dy't fan it Plein fan 'e Konstitúsje komt liket sûnder ein.

De poerrazende kliber folk kringt op, om 'e idioat hinne. Tsientallen minsken springe op it poadium en wolle him slaan. De ruters slagje der op ien of oare wize yn om de potinsjele oanfallers ôf te warren en wer fan it poadium ôf te krijen.

De minsken binne mâl. Se roppe dat har rjochten yn it algemien ûndermine wurde en yn it bysûnder dy dy't fêstlein binne yn 'e wet tsjin 'e minstrelen dy't yn 1221 troch Frederik II yn wurking steld is en dy't seit dat se idioaten misledigje, slaan en sels fermoardzje meie.

*Quid sum miser tunc dicturus?  
Quem patronum rogaturus,  
cum vix iustus sit securus?*

De Grutte Lieder bringt de kliber nochteren yn it sin dat it banket en it proses al oan 'e gong binne, en lit de bel rinkelje om sa om stilte te freegjen. De leden fan 't sjongkoar hâlde op fan sjongen, mar de gewoane minsken roppe en mâlbeare mar troch, janke as roppige hûnen. Se stoarje omheech nei it poadium en it balkon, dêr't de fretsichtige ploech pommeranten foar in oerdiedich miel sit. Mei sichtber plezier litte se it har goed smeitsje.

Yn in besykjen om de boel del te bêdzjen jout de Grutte Lieder oan syn tsjinstfeinten it befele om de restjes fan it miel fan it poadium ôf op it plein te goaien. De kliber folk triuwt en skoot as in groep hongerige hûnen hinne en wer om ien fan 'e stikken fleis of de bôlekoarsten op te heinen dy't delreine fan it poadium. As se de oerbleaune bonken stean te beplúzjen knikt de Grutte Lieder nei de oankleier, dy't begjint om de tsjûgen op te roppen.

Foarôfgien troch *dulzaina*<sup>4</sup>-spilers en ferskillende lytsere festivalfigueren dûnsje trije reuseftige figueren mei papiermasjeehollen op nei it poadium om te tsjûgjen: Ferdinand de Katolyk, Johannes III fan Navarre en Catherina fan Navarre. Alle trije befêstigje se dat de fertochte efter harren ûndergong sitte moatten hat, oars wiene se net sa gau

---

<sup>4</sup> In dûbeld-reidynstrumint yn 'e hobofamylje

efterinoar deagien 'krekt nei it tatrede fan Navarre en Kastilië' seit Ferdinand de Katolyk, 'krekt nei't Kastilië Navarre oerwûn' ferdúdlikje Johannes III en Catherina fan Navarre.

En wylst se de dokuminten en orizjinele testaminten sjen litte dy't de datum fan ferstjerren oanjouwe (in kaaipart yn harren tsjûgenis): 23 jannewaris 1516, 17 juny 1516 en 12 febrewaris 1517, foegje de trije keningen der ek oan ta dat de fertochte altyd de spot dreaun hat mei de skiedskriuwing en nea dielnommen hat oan hokfoar offisjeel of alternatyf barren dan ek dat opset is om histoaryske barren te betinken. Hy hat bygelyks net meidien oan 'e betinking fan 'e 500ste jierdei fan it tatrede fan Navarre en Kastilië, organisearre troch it Regear fan Navarre, noch oan 'e betinkingen dy't alle jierren holden wurde neist de monolyt dy't stiet op it plak fan it Amaiur-kastiel ta oantinken oan al dyjingen dy't stoarn binne omdat se it ferdigenen. Se lizze ek út hoe't hy besocht hat om de minsken oan it twifeljen te bringen oangeande de legitimens fan 'e monargy. En dat er de minsken oanpoend hat om de oantinkens, histoaryske barren en de skiednis sels te ferjitten, dy't basearre is op de monargen har nammen en dieden.

En om dat allegear te bewizen beskuldigje se him derfan dat er de skiednis (de mem en boarne fan alle wierheid) net respektarret en kleie se him oan, omdat er sein hat: 'Skiednis is inkeld in middel foar dejingen dy't oan 'e macht binne om harren misdieden ta te dekken; it is net mear as de narratyf dy't kreëarre is troch dejingen dy't it skreaune wurd dominearje'.

En as wie dat noch net genôch, beskuldigje se him der ek fan dat er de ideeën fan 'e ferneamde 16de-iuwske tinker en kanonist, Martin Azpilkueta, ferdraaid hat troch te bewearren dat keninkriken net makke binne foar keningen, mar earder keningen foar keninkriken. Of yn oare wurden, in keninkryk is net fan 'e kening, mar earder fan 'e minsken. En dat neffens de natuerwetten, de macht fan 'e kening eins de macht fan 'e minsken is, en net dy fan 'e kening. En de macht dy't nedich is om in mienskip te bewekjen, te regearren en te kommandearjen, wetten te meitsjen en rjocht te sprekken, is oan elkenien jûn. Dat wol sizze dy wurdt streekrjocht oan alle minsken skonken, sadat se alle saken de natuer oanbelangjend regelje kinne, en fleurich en weardich libje kinne, neffens it oardiel fan 'e natuer.

En se fertelle, om har tsjûgenis ôf te rûnjen, oan 'e rjochtbank dat de fertochte op kweade wize de ideeën fan *Doctor Navarrus* manipulearre om te bewearren dat der gjin keningen of sùvereine steaten binne, mar inkeld boargers en yndividuën – krekt it omkearde fan wat *Doctor Navarrus* bedoelde!

As sy klear binne, begjinne de lytsere karnavalfigueren te sjongen, wylst in grutte swarte earn dy't boppe harren sirkelet krassend de wurden 'Navarre sil it wûnder fan 'e wrâld wêze' hearre lit:

Wol in lân frij wêze,  
dan moatte de minsken frij wêze!  
Lit alle frije minsken har ferienigje  
te'n geunste fan in frije naasje!

De ruters begeliede de reuzen fan it poadium, mei de lytsere figueren fan 'e optocht foarop, en Thomas fan Torquemada, de Grutte Ynkwisiteur en de flok fan 'e heksen, it

ljocht fan Spanje, rêder fan 'e minsken en meast eare lid fan syn oarder, klimt nei boppen op it lûd fan tromroffeljen om te tsjûgjen.

Hy is yn it selskip fan syn kollega-ynkwisiteur, Pierre de l'Ancre. Torquemada begjint mei te sizzen dat de Ynkwisysje noch kreëarre noch ferneatige is, mar inkeld transformearre is fan de iene foarm nei de oare. Om syn ûnpartidigens te bewizen jout er fuortendaliks ta dat er beneamd wie ta Grut Ynkwisiteur troch deselde Katolike keningen dêr't de fertochte sa'n kwea fan sprutsen hat. Dan giet er fierder mei te sizzen dat de idioat, neist dat er ûntkend hat dat de ierde it middenpunt fan it universum is, bewearde hat dat dy feitlik om de sinne draait. En hieltyd wer (al wie it om 'e nocht) hat er de ûnwjerlisbere wierheid ûntkend dat de sinne nea ûndergiet yn it glorieuze ryk dat opboud is troch de Katolike keningen.

De kliber mompelet mispriizgjend. Dan beskuldiget de Grutte Ynkwisiteur de fertochte derfan dat er net allinne in idioat is, mar ek in Joad. As bewiis lit er it Edikt fan Utwizing sjen, dêr't yn stiet dat alle Joaden it keninkryk út moatte en de namme fan 'e fertochte stiet yn ien fan 'e taheakken.

En om syn ferhaal krêft by te setten foeget Torquemada deroan ta dat er alhiel gjin twifel hat oer it Joadske komôf fan 'e fertochte. Hy wit wêr't er it oer hat, want hy hie sels ek Joadske foarâlden en as de fertochte net Joadsk wie, wêrom hie er dan safolle boeken fan Joadske skriuwers ferburgen?

As de bange kliber begjint te roppen 'Ferbrân de Joadske boeken!', komt Pierre de l'Ancre op it toaniel. Hy befêstiget de beskuldiging dy't Torquemada útsprutsen hat en as bewiis lit er in stik papier sjen dat út 'e bûse fan 'e fertochte komme soe, mei dêrop mei de hân skreaun de folsleine tekst fan 'e *Jüdiferraren kanta* (of it Liet fan de Joad dy't nea net rêste kin). Ta elk syn ferbjustering lêst Pierre de l'Ancre in gearfetting fan it liet foar.

Is der immen op dizze wrâld  
dy't de Joad dy't nea net rêste kin beliket?  
Ik leau net dat der earne immen  
ûngelokkiger is,  
net ien dy't yn 'e buert fan syn bitter lot komt...

As de minsken dy ferwizing nei de Joad dy't nea net rêste kin hearre, boazet it lûd oan.

Ik krige myn namme yn it lân Israël,  
waard berne yn 'e ferneamde stêd Jeruzalim,  
lit dyn geast sa tefreden wêze.  
Hear, ik bin yndied de Joad dy't nea net rêste kin.

As Pierre de l'Ancre oan 'e ein kommen is fan syn fertolking is it mompeljen in oerémis roppen wurden. Der wurdt wer raasd en der binne misledingen te hearren.

It Plein fan 'e Konstitúsje begjint te bolderjen.  
It Plein fan 'e Konstitúsje bolderet.  
De weach fan bolderjen dy't fan it Plein fan 'e Konstitúsje komt liket sûnder ein.

Pierre de l'Ancre nimt de gelegenheid te baat om noch wat oantigingen oan 'e list ta te foegjen. Hy beskuldiget de idioat derfan dat er net allinnich de Joad dy't nea net rêste kin is, mar ek in hekse. As bewiis neamt er de frjemde, ûnbegryplike taal dy't er sprekt, it Baskysk. En lykas Torquemada beweart er dat er wit wêr't er it oer hat, omdat er neist dat er bekend is mei demoanen, dogma en ketters, ek tajout dat er ûnbewust Baskysk sprutsen hat by gelegenheid yn 'e yntimiteit fan syn eigen hûs, omdat syn pake, Bernard Errostegi, oarspronklik fan Leger Navarre kaam foar't er nei Bordeaux ferhuze en in Frânske efternamme oannaam, l'Ancre, omdat net ien goede Kristen syn âlde Baskyske namme útsprekke koe.

Dêrnei beskuldiget de heksejager de idioat derfan in opruier te wêzen en kopyen fan 'e falske pryster Joanes Leizarraga syn Baskyske oersetting fan it Nije Testamint fan Us Hear Jezus Kristus te fersprieden ûnder goede Kristenen om harren herten te fergiftigjen, yn opdracht fan Jeanne d'Albret, de lieder fan 'e Calvinistyske Gearspanning fan Béarn. Hy beskuldiget him der ek fan dat er in man is sûnder loyaliteit, net foar Spanje en net foar Frankryk, en dat er tusken de beide lannen hinne en wer reizget sûnder fêst wenplak, as soene nasjonale grinzen gewoan net bestean. Hy lit nea syn paspoart of ID-kaart sjen oan 'e dûaneminsken. En dat allegearre mei mar ien doel: it opsetten fan in boppenasjonale feriening fan heksen, in feriening mei it doel om Europeeske boargers oan te trúnjen om tsjin har naasjes en steaten yn ferset te kommen.



Hy beskuldiget him fan it organisearjen fan geile klandestine libertynske gearkomsten yn 'e Grotten fan Sara en Zugarramurdi, wêrby't de sûnders sider drinke (dy gefaarlike toverdrank makke fan apels, it ferflokke fruit fan it paradys) om hallusinaasjes en bylden fan in nije demoanyske wrâld op te roppen, wylst sy inoars pikken ôfsûge en inoars klitoarissen slikje, en oanienwei ûnbegryplike flokken tsjin naasjes en steaten útroppe, dy't se leard hawwe fan harren kompanen fan 'e sompige, ûngastfrije, earmoedige, ûntrouwe, fan heksen ferjûne lannen fan noard-Europa.

Mar Pierre de l'Ancre bewarret de slimste beskuldiging foar de ein fan syn tsjûgenis. Net allinne hat de fertochte holpen om de ynfloed te fersprieden fan 'e feriening fan heksen oeral yn 'e lannen dy't regearre wurde troch de Europeeske keningen en keninginnen, hy hat him ek bemuoid mei it plechtige wurk fan 'e Ynkwisysje. Hy fertelde in lid fan 'e kabbeljau-fiskersfloat fan San Juan de Luz dat syn frou, mem en dochters útklaaid en mei messen stutsen wiene, om sa de earne stakker derfan te oertsjûgjen dat er in konvoai fan heksen oanfalle moast dy't feroardiele wiene om te brânen op 'e brânsteapel, dat er se allegearre befrije moast en dêrmei foarkomme koe dat de Ynkwisysje fierder gie mei de hekseproessen.

De wurden fan 'e ynkwisiteur liede wer ta in weach fan skreauwen en misledigingen, mei roppen fan 'Hekse! Hekse!'. Fan alle hoeken fan it plein klonk 'Stek him yn 'e brân! Stek him yn 'e brân!'

It Plein fan 'e Konstitúsje begjint te bolderjen.

It Plein fan 'e Konstitúsje bolderet.

De weach fan bolderjen dy't fan it Plein fan 'e Konstitúsje komt liket sûnder ein.

De Grutte Lieder rinkelet wer mei de bel om stilte te freegjen, wylst er erchtinkend nei de klok sjocht. In pear oeren binne foarby gien sûnt it begjin fan it proses en de skrokkerige ploech lieder hat him teminsten sêd iten. Mei it folle liif sitte se te slûgjen yn 'e stoel. Yn in besykjen om de minsken del te bêdzjen en syn maten in kâns te jaan om fan 'e effekten fan it folfretten by te kommen, kundiget de Grutte Lieder oan dat der in oere skoft wêze sil.

Mar de taskôgers binne mâl en bringe de Grutte Lieder op net mis te fersteane wize yn it sin dat se it rjocht hawwe om alle idioaten te misledigjen, te slaan en sels te fermoardzjen. De oankleier jout te kennen dat der noch mear tsjûgen binne dy't tsjûgje wolle.

De Grutte Lieder realisearret him dat de sitewaasje út 'e hân driget te rinnen, en om in oproer foar te kommen kundiget er frij drinken en *Pintxos* (Tapas) oan foar elkenien op 'e gouden myl fan it âlde part fan 'e stêd. It stek is noch net iepen of de kloft streamt it Plein fan 'e Konstitúsje ôf en de bars fan it âlde part fan 'e stêd yn, jubeljend en hieltyd wer klinkend op de Grutte Lieder.

## II

Nei it reses, yn in besykjen om fierdere fertraging foar te kommen, en om fierder te kommen, hjit de Grutte Lieder de oankleier om de foarnaamste easken tsjin de fertochte nei foaren te bringen.

Ut respekt foar it befel fan 'e Almachtige freget de oankleier om in pear kaarten op it poadium te bringen. Alderearst wurdt in reuseftige kaart fan Baskelân brocht troch in pear ruters dy't wyt, read en griene sjerpen drage. Mei in mjitlatte, sa't leararen dy brûke as se wat útlizze op it skoalboerd, wiist de wurdfierder foar de oankleier nei de kaart en beskuldiget de idioat derfan dat er nea akseptearre hat dat Baskelân mear as tûzen jier âld is en nea de folsleine omfang fan it grûngebiet akseptearre hat. As bewiis neamt er syn bewearing dat 'der gjin Baskelân is, der binne inkeld Baskelannen'. Hy foeget der dan oan ta dat de fertochte nea it idee fan 'e Baskyske naasje of de histoaryske naasje akseptearre hat, en pleite hat foar multilateralisme yn stee fan unilateralisme of bilateralisme, mei it argumint dat de wei nei algehiele of partiële nasjonale sûvereiniteit neat oars is as in ferâldere relikwy út in tiidrek dat foarby is. Wylst de kliber 'Lang sil it Frije Baskelân libje!' útropt, bringt de oankleier de rjochtbank yn it sin dat, yn stee fan dat de fertochte syn libben foar syn lân jout, en fjochtet tsjin de fijân of wat nuttichs docht út namme fan Baskelân, hy der de foarkar oan jout om syn dagen te ferdwaan yn loaiens en leffens, te laitsjen en te grapmeitsjen mei wa dan ek mar. Hy docht mei oan kweade wurdspultsjes en kribelet satiryske fersen op fodsjes papier, wylst er allegeduerigen absinttee drinkt en it foarkommen docht dat er in kultuerfanaat is dy't gek is op literatuer. Hy beweart lykwols dat Baskyske literatuer net inkeld literatuer skreaun yn 'e Baskyske taal is, mar foaral ek alle literatuer skreaun yn hokker fan 'e offisjele talen fan Baskelân dan ek.

Dêrneist wurdt er der ek fan beskuldige dat er wegeret de myte fan 'e Slach fan Roncevaux-Pas te leauwen en dat er net de Baskyske flagge úthinget op syn balkon op 'e Nasjonale Baskyske Dei. Hy fertelt skoalbern dat Gartxot net Mikelot fermoardzje moatten hie, en hy hat de gek mei de pryster fan Soule Bernard Goienetxe, alias 'Matalaz', mei te sizzen dat gjin lân it wurdich is om foar te stjerren of te moardzjen, en dat der hoe dan ek op gjin inkelde wize útmakke wurde kin wa't de 'echte Basken' binne. Mar de swierste beskuldiging moat noch komme. De oankleier beskuldiget de idioat derfan dat er net foar in feriene Baskelân is, dat er tsjin it yn it libben roppen fan in naasje en tsjin it Baskysk statút is, en dat er pleitet foar, yn stee fan in nije steat te bouwen, it omsmiten fan 'e steaten dy't der binne. De wurdfierder fan 'e oankleier giet fierder mei te sizzen dat hieltyd wer, en foar talleaze tsjûgen, de idioat skamteleas ûntkend hat dat Baskelân in emosjonele supermacht is, en dêrom is er in sedeaze ferrieder fan syn lân en kollaborearret er mei de fijân. By it hearren fan dizze ferskriklike beskuldigingen wurdt de kliber wyld en se roppe: 'Alle idioaten binne dogeaten!' De echo's wjerklinke it plein yn it rûn.

It goddeaze skreauwen wjerklinkt fan 'e hege muorren fan it fort dat it Plein fan 'e Konstitúsje is, wylst de oankleier trochgiet mei te pleitsjen foar de saak fan ferried. It is dúdlik dat de fertochte sels bekend hat dat er syn lân ferret hat, en dat er hieltyd wer werhelle hat, sûnder skamte of wifeljen, dat solidariteit mei jins meiminsken foar patriottisme komt. Hy hat bewearde dat er mear mienskiplik hat mei, bygelyks, in pro-

Europeeske persoan út Beieren as mei in anty-Europeeske oare Bask. Hy hat ek fraachtekens set by wa't wy krekt binne.

Hy redenearre dat, yn stee fan dat wy in naasje binne en woartele yn ús berteplak, taal of kultuer of in protsje minsken dy't de macht hawwe om ûnearlike en arbitrêre besluten te nimmen (lykas it ynstellen fan 'e deastraf), wy eigentlik boargers binne dy't ien binne troch ús oerienstimming oangeande de legitime wetten dy't wy sels ynsteld hawwe en dy't besluten nimme yn oerienstimming mei dy legitime wetten.

As de kliber dat heart, roppe se 'Gascon!'<sup>5</sup>, 'maketo!'<sup>6</sup> en 'kosmopolidioat!' neist it oare roppen en razen, en lûde koaren klinke fan 'Wy binne de nije Baskyske jongerein, it Baskelân, ús lân is net op te dielen!'

It Plein fan 'e Konstitúsje begjint te bolderjen.

It Plein fan 'e Konstitúsje bolderet.

De weach fan bolderjen dy't fan it Plein fan 'e Konstitúsje komt liket sûnder ein.

As it einlings rêstiger wurdt, bringe in pear soldaten mei lange helleburden, musketten en heakbussen en yn it unifoarm fan it Leger fan Flaanderen in enoarme kaart fan Europa op it poadium. De wurdfierder fan 'e oankleier wiist mei in mjitlatte op 'e kaart en beskuldiget de idioat derfan dat er sympatisearret mei de Hollânske rebellen dy't it Bûn fan 'e Eallju ûnderteken. Dêrmei easken se dat Philip II, Kening fan Spanje, hearsker fan it machtichste fan alle Europeeske lannen yn dy tiid, in ein makke oan 'e Ynkwisysje en dat er de godstsjinstfrijheid befoarderje soe. Boppedat, foeget er deroan ta, hat de fertochte by talleaze gelegenheden de prinsipes ûntkend fan nasjonale sùvereiniteit en territoriale ienheid, sa't dy fêstlein is yn 'e Westfaalske Oerienkomst, en yn stee dêrfan hat er pleite foar in boppenasjonale Europeeske Republyk fan frije boargers.

Under it lilke roppen fan 'e kliber en de misledigingen dy't rjochte wurde oan 'e idioat yn in weach fan earmhertich patriottisme drage in pear ruters mei read en giele, en blau, wyt en reade sjerpen in kaart fan Spanje en in kaart fan Frankryk op it poadium. De wurdfierder fan de oankleier beskuldiget de idioat derfan, wylst er wer nei de kaarten wiist, dat er hieltyd wer belutsen west hat by karakterisearringen fan dy twa naasjesteaten, nettsjinsteande harren glorieuze ferline dêr't neat mis mei is. En om it te bewizen hellet er in lange list út 'e bûse en begjint er, ien foar ien, de grouwélige misdieden op te neamen:

Hy hat ûntkend dat de Slach fan Covadonga en Santiago en de Glorieuze *Reconquista* echte nasjonale leginden binne en dat de bestimming fan Spanje is om ien te wêzen en net opdield te wurden. Hy hat de spot dreun mei dejingen dy't sizze dat Frankryk in wrâldmacht is omdat it alle fiif kontinenten omfiemet, en hat lake om de ferhalen fan Clovis, Poitiers en Karel Martel. Hy hat bewearde dat dy twa naasjes net in ienheid en ien binne, hat de ein foarsein fan sawol Frankryk as Spanje troch te pleitsjen foar taalferskaat en te bewearren dat minderheidstalen it gefaar rinne om út te stjerren. Hy hat de nasjonale symboalen fan Spanje en Frankryk misledige en sein dat Spanje Amearika bepaald net sivilisearre hat, mar inkeld ûnderwurpen. Hy hat wegere om diel te nimmen oan de militêre died fan it swarren fan trou oan 'e Spaanske flagge op 12 oktober yn 'e

---

<sup>5</sup> In lytsachtsjende term foar immen dy't net Baskysk prate kin.

<sup>6</sup> In lytsachtsjende term dy't brûkt wurdt foar emigranten út oare regio's fan Spanje nei de Baskyske regio.

Intxaurrondo-barrakken yn San Sebastián, op basis fan it net dogende, misledigjende ekskus dat tsientallen Baskyske boargers dêr martele binne. Hy hat ek wegere om de Frânske flagge te tútsjen yn 'e militêre optocht dy't yn Parys organisearre waard op 14 july om de glorieuze Bestoarming fan 'e Bastille te betinken, út earbetoan oan elk dy't ûnderdrukt is troch de *Grandeur* fan Frankryk.

As de wurdfierder fan 'e oankleier even nei de siken gappet nei it lêzen fan 'e list, galmje lûd 'Viva España, Viva el Rey, Viva el Orden y la Ley!' en 'Allons enfants de la Patrie, Le jour de gloire est arrivé!' it plein yn it rûn.

It Plein fan 'e Konstitúsje begjint te bolderjen.

It Plein fan 'e Konstitúsje bolderet.

De weach fan bolderjen dy't fan it Plein fan 'e Konstitúsje komt liket sûnder ein.

Nei it opsommen fan 'e list fan oantigingen, beskuldiget de wurdfierder de idioat der plechtich fan dat er sribbe hat nei oproer tsjin de wetten fan Frankryk en Spanje troch de opstannige massa op te hysjen en de belangen fan 'e minsken te stellen boppe dy fan 'e steaten.

'En foar alle oantigingen dy't hjir neamd wurde,' foeget er deroan ta, It is dreech om de feroardieling dêr't de oankleier it folslein mei iens is fersteanber te meitsjen boppe it earferdôvjende roppen út fan 'Terrorist! Terrorist!'. 'En yn it ljocht fan it feit dat it útsprutsen doel fan 'e fertochte wie om de naasjesteaten om te smiten en te ferneatigjen, troch se misdieden tsjin de minskheid te neamen en te bewearn dat se natuerlike mienskippen en harren talen en kultueren ferneatigje troch grinzen yn te stellen troch middel fan geweld. En, noch earnstiger, omdat hy syn lân ferret hat trochdat er besocht hat de nammen en deden fan 'e fijân te efterheljen yn 'e úthoeken fan 'e skiednis, dêr't se hinne band wiene om yn it ferjittersboek te reitsjen, en te sizzen dat wat der wier ta docht de libbensstandert fan 'e minsken is en frije kar, en dat de echte sûvereinen boargers binne en net lannen. Dêrom easkje wy, de oankleierende partij, unanym dat de fertochte ta de dea feroardiele wurdt foar syn rebellearjende, systematyske en moedwillige oerhearrigens!'

De Grutte Lieder freget de fertochte oft er de beskuldigingen akseptearret en syn skuld tajout. De kliber en de oankleier protestearje no beide en sizze dat de prosedurele regels fan 'e Ynkwisysje gjin ûnskuld ferûnderstelle en dêrom de fertochte net it rjocht jouwe om te sprekken. Mar de Almachtige freget om stilte en seit dat, neffens de prosedure fan 'e Ynkwisysje, de fertochte echt tastien wurde mei om te sprekken om, en allinne dêrom, syn eigen skuld ta te jaan.

De ruters yn karnavalsklean helje de idioat de prop út 'e mûle. De bel oan 'e punt fan 'e mûtse tingelet dêrby. No't er dy beheining kwyt is, draait de idioat him earst nei de Almachtige: 'Ave Caesar, morituri te salutant!'. Dan draait er him nei de minsken dy't har sammele hawwe op it Plein fan 'e Konstitúsje:

'Jimme, de gewoane minsken, jimme, dy't wurch binne en it dreech hawwe; kom, skuldigen, ferrieders en sûndebokken, kom by my en harkje nei wat ik te sizzen haw foardat ik brân yn it fjoer fan 'e hel.'

In deadlike stilte falt as in tekken oer de kliber. Wylst de gesichten alle gearre fassinearre nei him opsjogge, begjint de idioat te sprekken en syn wurden wjerklinke op it plein, wjerkeatse fan 'e fjouwer hege muorren.

'Myn leave boargers, nasjonalisten, patriotten en sjauvinisten likegoed, jimme lannen binne neat as in dwaling. Us lannen binne inkeld hallusinaasjes. Hawwe wy no net genôch lije moatten yn 'e hannen fan ús falske naasjes? Foar ús eigen bêst, soe it net better wêze om se efter ús te litten, foar iens en foar altyd? Hoe lang sille wy inoar noch befjochtsje? Hoe lang moatte wy noch teplettere wurde troch it lijen? Hoe lang litte wy ús noch fearnje, in poat útdraaie? Troch ús lannen, mar foaral troch ús eigen ûnwittendheid binne de reade streken fan it lijen tattooëarre op ús lichem en siel, generaasje op generaasje.

Mar as wy it echt woene, koene wy lokkich libje yn ús natuerlike mienskippen, ús dwaande hâlde mei ús deistige taken en aktiviteiten, ús relaasjes ûnderhâlde en ús mieningsferskillen útprate.

We soene ienfâldich ús libben opbouwe en it libben diele kinne en sa, bytsje by bytsje, soene wy in polityk bûn en in mienskiplike identiteit smeie kinne. Der soene gjin naasjesteaten nedich wêze, dy't by eintsjebeslút neat mear binne as in manifestaasje fan in ferbylde, optochte mienskip, ntl. in naasje. Wannear sille ús de eagen iepengean en sille wy ús realisearje dat de wiere *raison d'être* fan in steat tsjin dy fan it minskdom yngiet, dat dy yngiet tsjin autonomy en frijheid, en sil in totalitêre *raison d'être* yn sawol de keninkriken fan dizze wrâld as alle keninkriken noch komme? As wy spyt, lilkens en ûnnoazelens net efter ús litte, as wy de ûnwittendheid net fan it gesicht fan 'e ierde feie, as wy dat net dogge, sille wy nea de hoop werom winne dy't wy ferlern hawwe.

Poermâl goait it folk lege bierflessen nei de holle fan 'e idioat en ropt 'Gjin takomst foar de idioat!' yn in soarte fan kollektive hystearje.

It Plein fan 'e Konstitúsje begjint te bolderjen.

It Plein fan 'e Konstitúsje bolderet.

De weach fan bolderjen dy't fan it Plein fan 'e Konstitúsje komt liket sûnder ein.

De Grutte Lieder en syn gefolch sjogge dat de situaasje út 'e hân driget te rinnen en omdat se der oer ynsitte dat ien fan 'e flessen har reitsje sil, lûke se har werom fan it balkon en geane nei de priveekeamer dy't foar harren frijholden is yn 'e Gaztelubideklub om mei harren oerlis te begjinnen.

Om de kloft del te bêdzjen docht in groep cheerleaders mei klean oan yn 'e kleuren fan 'e Frânske en Spaanske flaggen in dûns. As de foarstelling dien is, wurdt in rak op it plein brocht en op 'e etyske grûn<sup>7</sup> fan 'e houten planken pleatst, om de idioat troch middel fan marteljen syn skuld bekenne te litten foar de goede minsken fan 'e naasje oer.

Foardat se begjinne lykwols sette in pear technisy in grut skerm mei hege resolúsje lyk efter it podium, sadat de kliber net it lytste detail hoecht te missen fan 'e hearlike pine fan 'e idioat.

---

<sup>7</sup> Dit is in ferwizing nei in oerienkomst dy't sletten is yn it Baskyske parlemint oangeande in basis stel etyske prinsipes dêr't in freedsume ko-eksistinsje yn Baskelân op boud wurde kin.

It publyk genietet fan in net te ferbetterjen bluodrich spektakel mei't de idioat sûnder moederaasje martele wurdt, earst op it rak en letter op it sirkulêre tsjil fan 'e skiednis. Ien foar ien brekke syn earms en skonken, syn bonken en gewrichten, oant er yn syn deadsstriid begjint te hallusinearjen. As ien fan 'e ruters yn karnavalsklean him freget om skuld te bekennen, seit er dat er earst de autoriteiten op rapport sette wol foar harren yllegaal marteljen. De forensysk ûndersiker fan 'e Ynkwisysje wurdt opropfen. Dy meldt, nei't er de brutsen lea fan 'e idioat soarchfâldich ûndersocht hat, dat der gjin bewiis fan marteljen is. Hy konkludearret dêrom dat dit neat oars is as in optochte oanklacht, wêrby't er wiidweidich útleit dat it net mear as in juridysk trúkje is dat faak troch boeven brûkt wurdt om roet yn it iten fan justysje te goaien.

In oare ekspert, in psycholooch dy't mei de forensysk ûndersiker mei kaam, foeget deroan ta dat de fertochte liedt oan in ernstige bipolar steuring, hallusinaasjes en efterfolgingswaansin.

No't alle twifel fuort is en alle nei foaren brochte arguminten goed besjoen binne, ferskynt de Grutte Lieder wer op it balkon folge troch syn kompanen. Om dit histoarysk momint te markearjen lêst de sekretaris fan 'e Rjochtbank fan 'e Opstân fan in lange perkamintrol.

*Haeretici frexentur templa  
boni nihil fecerunt contra;  
ergo debent omnes patibulari*

As er ophâldt fan lêzen, ûntploft it plein yn in tumult fan roppen en razen, en roppe se allegear dat de *Izeren Lieder* nei foaren komme moat. Op it lûdroftich fersyk fan 'e minsken docht de Opperrjochter in pear stappen nei foaren en, wylst er steech stiet yn it oangesicht fan 'e kameraflitsen en mikrofoanen, sprekt er it fûnis fan 'e rjochtbank út op in serieuze toan dy't past by de gelegenheid:

'We moatte en sille de fertochte feroardielje ta de dea. Hy sil barne yn 't ivige fjoer fan 'e hel.'

In beul mei tûzen gesichten klimt op it poadium en ropt 'Ferbrân de ketter!'

It Plein fan 'e Konstitúsje begjint te bolderjen.

It Plein fan 'e Konstitúsje bolderet.

De weach fan bolderjen dy't fan it Plein fan 'e Konstitúsje komt liket sûnder ein.

Mei help fan in pear assistinten set de beul in grutte peal yn 'e midden fan it poadium. Dan steapelje se mei-inoar lytsere houtblokken en oanmakhoutsjes deromhinne op. Se bine de fuotten fan 'e fertochte fêst oan 'e foarkant en syn hannen byinoar oan 'e efterkant. De beul sjocht omheech nei it balkon. Dat docht de fertochte ek, hy skoddet deroer en yn panyk brekt it kâlde swit him út. De Gaztelubide tromslaggers jouwe in lange roffel op 'e tromme. De leden fan it sjongkoar fan San Sebastián begjinne wer te sjongen.

*Rex tremendæ maiestatis,  
qui salvandos salvas gratis,  
salva me, fons pietatis.*

De Grutte Lieder knikt, en de beul stekt it freugdefjoer oan. By it lieden fan syn eigen deadsklok, begjint de idioat te sjongen:

Harkje Beaumont,  
sjoch dan Agaramont,  
de els hat gjin hert,  
en yn 'e wrongel sit gjin stien.  
Ik hie net tocht  
dat eallju lige.



### III

By it bolderen en laitsjen fan it folk betinkt de idioat dat hy mear help nedich wêze sil as dy fan 'e goadinne fan it gelok om him hjir út te rêden. As de rook fan ferbrând fleis him yn 'e noas krûpt, realisearret er him dat syn fuotten yn 'e brân steane. Dan, as ferskriklike bylden fan trochboarre hollen, sleine lichems en kniesde earms en skonken him troch de holle geane en syn lichem stadich opkrollet yn 'e flammen, heart er in stimme. Earst tinkt er dat it in hallusinaasje is, mar dan, troch de tsjokke reek dy't foar syn eagen omheech kringelet, tinkt er dat er it skaad fan in frou sjocht. Hy sjocht al gau dat it net de goadinne fan it gelok is. De frou hat in donkere jurk oan en in bril op, en se hat in sigret yn 'e mûle. 'Sa't jo sjogge,' seit de idioat, en hy sjocht yn panyk nei de reekwolk dy't om him hinne hinget, 'haw ik it in bytsje krap.'

'Ja, krekt lykas al dy oaren foar dy dy't opjage binne en op dit plein ta de dea feroardiele binne. We lykje foar ivich fêst te sitten oan it fjoer fan 'e hel.

Der wurdt wer 'gjin genede' en 'hurd optrede tsjin misdied' easke. Der binne wer ûnearlike rjochtsaken en befoaroardiele rjochters. Der binne wer getto's en goelags fol bûtensteanders, frjemden en minsken dy't oars doare te tinken. Dyn lot sil itselde wêze as harres. Sy wolle *harren* oantinken ferbrâne mei *dyn* lichem; mar gjin noed, ik bin kommen om dy te helpen.'

Om my te helpen? De idioat lûkt ferrast de wynbrauwen omheech.

'Ja. Ik bin kommen om dy te helpen, en om elk te helpen dy't foar dy fermoarde is en elk dy't nei dy fermoarde wurde sil as wy net wat dogge dat tefoaren komt dat wy foar ivich oan it ferneatigjende fjoer fan 'e skiednis oerlevere binne. It raast op ús ta út it ferline wei en besiket om ús it rjocht te ûtnimmen oer ús eigen takomst te besluten,' antwurdet it skaad fan 'e frou mei in krêftich lûd. 'Dêrom haw ik myn libben wijd oan it bestudearjen fan 'e totalitêre ideology dy't ús wrâld yn 'e jiske lein hat. De ideology sels en syn boarnen. Ik wol begripe, ik moat begripe wat hjir bard is. Want krekt as dy wie ik finzen set en waard ik ferfolge, en myn rjochten waarden ek ûntkend.'

'Wa binne jo?' freget de idioat fernuvere. 'Binne jo minske?'

'Spitigernôch no net mear. Mar ik wie ea in frou. Fjirtjin jier haw ik trochbrocht as in steateleaze persoan. No leit it skaad oer ús lân, en dêr, op ús swakste mominten, fine wy krêft yn it donkere omearmjien fan 'e nacht.'

Wylst it skaad fan 'e frou praat, besiket de idioat te begripen wat der mei him bart. Hy oertinkt nochris de mooglikheid dat it allegearre in hallusinaasje is, mar oan 'e pine yn 'e fuotten en skonken wit er dat dat net de goede konklúzje wêze kin. Syn skonken binne no net mear as swarte stompen, en de panyk weaget troch him hinne as er him realisearret dat de rest fan syn lichem gau troch de hongeriige flammen opslokt wurde sil.

It skaad besiket him del te bêdzjen.

'Totalitêre systemen brûke altyd de eangst om minsken te ûnderdrukken en te ûnderwerpen.

Har ideale ûnderdienen binne dyjingen dy't sa ferlamme binne troch de eangst, sa isolearre en allinnich, dat se gjin ûnderskied mear meitsje kinne tusken wierheid en leugens; en persoanlike autonomy is harren slimste fijân. Dêrom is it sa gefaarlik om te tinken. Mar net te tinken is noch gefaarliker. Wês moedich dan, wês net bang, jou net op

yn dy mominten dat de eangst dy oan 'e siele gnaut. Ik sil dy beselskipje op 'e lange, bochtsjende wei nei de frijheid.'

'It is maklik om oer moed te praten ast net sels ferbrând wurdst,' tinkt de idioat en mei ôfgriis sjocht er del op syn swart wurdende tsjeaen.

'Sit der mar net oer yn,' seit it frouljusskaad kalmearjend, 'alle kearen dat der ien dea giet, wurdt der ek wer ien berne, en wurdt in hiele nije wrâld kreëarre, in wrâld dy't frij is fan 'e natuerwetten en de skiednis en dêrom frij fan 'e kloeren fan 'e terreur. Absolute terreur is de hoekstien fan alle totalitêre systemen, it middel dat troch de krêften fan 'e natuer en de skiednis brûkt wurde om foar te kommen dat minsken berne wurde of om dy't berne binne te ferneatigjen, omdat út in totalitêr perspektyf wei besjoen, berte en dea fan 'e minske neat mear binne as in yrritant besykjen om de krêften fan 'e natuer en de skiednis ta stilstân te bringen. Dêrom wol terreur minsklik ferskaat ferneatigje en ienfoarmichheid oplizze, en terreur besiket om minsken sûnder yndividualiteit meitsjen, dy't net it fermogen hawwe om sels nei te tinken. In kliber leechhollen sûnder geast. In keppel nuete skiep. Krektlyk as dy't no foar dy steane. Terreur is de krêft dy't op minsken de deastraf útfiert dy't ynsteld is troch de natuer "omdat se net op it libben taret binne" en troch de skiednis "omdat se ta in klasse hearre dy't útstjert".'

It skaad moat de redefiering in momint ûnderbrekke fanwegen it oerweldigjende kabaal op it plein, mar dan giet se fierder, se negearret de misledigingen en it roppen dat de idioat fan it folk oer him hinne krijt.

'Yn in ûnbegryplike, altyd feroarjende wrâld, komme de minsken soms op in punt dat se neat leauwe en tagelyk alles. En as in gefolch fan 'e apaty dy't dêrút weikomt, akseptearje de massa's net ien feriening, politike partij of fakbûn mear dy't wurkje oan it befoarderjen fan it algemien nut. Sokke minsken binne der yn alle lannen: minsken dy't neat mei polityk hawwe, dy't nea lid west hawwe fan hokker politike partij ek, dy't amper de muoite nimme om ea sels mar te stimmen. En op 'e measte plakken binne se yn 'e mearderheid. Apaty is dêrom mei skuldich oan dyn dea. Se stekke dy de gek oan, omdatst in idioat wêze soest, mar yn werklikheid binne sy de idioaten fan 'e skiednis. De skiednis hâldt harren foar de gek.' It skaad sprekt dy lêste wurden lûd út en stoarret útdaagjend nei de lilke kliber, dy't fuortendaliks wer begjint te mûlgûlen.

'Neamde dy aaklike Joad ús dêr krekt idioaten en healwizelingen? Wy binne patriotten!'

'It is net oan my om oer jimme te oardieljen. Ik bin mar in skaad. Mar ik sis jimme wat ik tink yn net mis te fersteane wurden. Jimme binne gjin patriotten. Jimme binne dogeneaten dy't besmet binne troch de stompsinnigens en de idelens fan it kwea. Jimme binne plomstrikers dy't, yn stee fan werklik fan har lân te hâlden en de lof deroer te sjongen, yn stee dêrfan har ferplichte fiele om har hiele libben har lân op 'e lije side oan te krûpen.

Jimme mijte it tinken sadat jimme net de tsjinstridigens yn jimsels ûnder eagen hoege te sjen. Dêrom pleaget jimme gewisse jimme net, sels net as jim wreedheden uterje of begean.'

'Do meist dan inkeld in skaad wêze, mar do hearst ús oardiel likegoed. Der is mar ien wurd om de fijannen fan 'e naasje mei te omskriuwen: ferrieders. Do meist dan oan Gurs ûntkommen wêze, Hannah Arendt, mar de mislike idioat neist dy sil net oan 'e dea ûntsnappe. Dea oan alle idioaten en Joaden! Dea oan 'e ferrieders!'

It Plein fan 'e Konstitúsje begjint te bolderjen.

It Plein fan 'e Konstitúsje bolderet.

De weach fan bolderjen dy't fan it Plein fan 'e Konstitúsje komt liket sûnder ein.

'Bisto Hannah Arendt? Ik haw fan dy heard,' seit de idioat tsjin it skaad, wylst lege bierfleskes harren op 'e holle delkomme.

'Sa't ik earder sei, ik bin hjir om dy de wei te wizen. Ik bin hjir om dy te learen,' anderet it skaad fan Arendt.

'Ik wit wat dy oerkommen is. As dejingen dy't de macht hawwe of ynstitúsjes dy't geweld brûke harren rjochtsjildichheid ferlieze, dan ferlieze se har mooglikheid om it hâlden en dragen fan aldendei fan har ûnderdienen te regulearjen en te bepalen. Dat is wat dy oerkommen is. Se koene dyn hâlden en dragen en dyn wize fan tinken net feroarje. Se koene dy net oertsjûgje. En wat dogge de ynstitúsjes om dit ferlies fan macht te kompensearjen? Se gripe nei geweld. Mar geweld is earder it tajaan fan mislearjen, as dat it macht toant. En yn dit gefal hawwe dejingen dy't de macht hawwe de minsken hjir op it plein ophise om geweld te brûken foar harren, troch se te harsenspielen en se leauwe te litten yn 'e misfetting fan ien feriene naasje. Salang't it idee fan 'e naasjesteaten ús yn 'e holle sit, sil in spesifike nasjonaliteit altyd in steat betsjutte en in steat sil altyd in spesifike nasjonaliteit betsjutte. En salang't dat wier is, sille der altyd minderheden en ferskovelingen wêze – fijannen dy't net passe yn ien fan 'e basis-, ûnderlizzende konsepten fan 'e naasjesteat. Sy sille net alle rjochten hawwe, se sille bûtensteanders wêze, ferskovelingen, lykas dy ta de dea feroardiele.'

De idioat realisearret him dat Arendt gelyk hat. It doel is net om de oaren yn 'ús' kultuer op te nimmen of se te freegjen om 'ús' gewoanten oer te nimmen, mar mear om in kultureel ferskate multy-etnyske mienskip te bouwen; koartsein, om in mienskip boppe it konsept fan 'e naasje te bouwen. 'Inkeld troch oaren te akseptearjen en te erkennen dat sy ek diel fan ús binne, kinne wy ússels wêze. Allinnich dêrtroch sille wy wiere ynklúzje en freedsum neistinoar libjen berikke, sawol hjir as yn 'e wrâld yn syn gehiel. Om dat doel te berikken is de earste belangrike stap it kreëarjen fan in nij Europa op basis fan ferskaat,' tinkt de idioat, bemoedige troch Arendt har wurden.

Hy is fertize yn syn gedachten, hy is him net bewust fan 'e flammen dy't tsjin syn lichem klopje, mar it fjoer wurdt grutter en grutter, en is no oeral by syn lichem.

De kliber wurdt lilker en lilker, de gloeiende flammen wjerspegelje yn harren koartsige eagen as se roppe 'De dea! De dea oan 'e fijannige idioat!'.

It Plein fan 'e Konstitúsje begjint te bolderjen.

It Plein fan 'e Konstitúsje bolderet.

De weach fan bolderjen dy't fan it Plein fan 'e Konstitúsje komt liket sûnder ein.

Kronkeljend fan 'e pine tinkt de idioat deroan hoefolle better alles wêze soe as dit werklik in hallusinaasje of in nachtmerje wêze soe. Mar dan sjocht er hoe't de beul de flammen oanblaast mei in enoarm pear balgen en wit er dat it net sa is. De stank fan brânend fleis lûkt oer it plein. De idioat is no in brânende bal fan flammen en heal smoard troch de reek. Hy begjint te kreunen en te razen. Hy sjocht de dea yn 'e eagen. Syn iennige freon is de geast fan Arendt, dy't by him bliuwt.

'Wês net bang. Salang't wy noch mei ússels en mei oaren yn petear kinne, binne wy net ferlern, binne wy net ôfsnien fan 'e werklikheid. Ik bin hjir, neist dy, klear om dy te

helpen. Want it is inkeld yn ús relaasjes mei oaren dat wy yndividuen wêze kinne, mei al ús ferskillende skaaimerken, sûnder it fermogen foar frijheid en kreativiteit te ferliezen.'

Hoewol't de idioat de dea tichterby kommen fielt, wurdt er bliid fan Arendt har wurden en wylst it bytsje krêft dat er noch hat sammelet, befrijet er de hannen fan 'e touwen dy't him oan 'e peal bine en, krekt foar't er de lêste sike útblaast, rjochtet er syn lêste wurden oan 'e kliber op it Plein fan 'e Konstitúsje: 'Sa't in bline wize man ris sei, jierren lyn: Dit is earder bard en it sil wer barre. Ik hâld der net bepaald fan om in idioat te wêzen, mar ik soe noch minder yn jim skuon stean wolle. Troch my hjoed te feroardieljen, hawwe jimme jim eigen donker lot besegele.'

En dêrmei begjint er te sjongen:

Bruorren en susters, tink net  
dat ik my hjir lokkich fiel,  
ik soe folle leaver dêr ûnder  
by jimme wêze wolle, en omheech sjen.  
As jimme net tefreden binne  
is dat net myn fout,  
jimme fluitsje my út  
mar ik hâld noch fan jimme.

As de lêste wurden fan 'e idioat ferdwine, barst in almachtige kommoasje los op it Plein.

It Plein fan 'e Konstitúsje begjint te bolderjen.  
It Plein fan 'e Konstitúsje bolderet.  
De weach fan bolderjen dy't fan it Plein fan 'e Konstitúsje komt liket sûnder ein.